



# De Doarpskille

Septimber

**152**

Nûmer 4/ 2011

lenentrichste Jiergong

## Redaksje:

Dieta Holwerda  
(Lay-out)  
Langgrousterwei 12  
Tel. 242212  
[dieta@knid.nl](mailto:dieta@knid.nl)

Pieter Hoogland  
De Lyts Ein 37  
Tel. 241284  
[info@hooglandverhuur.nl](mailto:info@hooglandverhuur.nl)

Jannie Meijer-Braaksma  
Buorfinne 36  
Tel. 241569  
[jannie\\_meijer@hotmail.com](mailto:jannie_meijer@hotmail.com)

Tineke Slager-Groenewoud  
(Administraasje)  
De Lyts Ein 2  
Tel. 242020  
[tinekeslager@home.nl](mailto:tinekeslager@home.nl)

Anneke Weidenaar-  
Bergema  
(Boargerlike Stân)  
Langgrousterwei 23  
Tel. 242148  
[anneke.weidenaar@gmail.com](mailto:anneke.weidenaar@gmail.com)

Sytze Wiersma  
Mounewei 8  
Tel. 241783  
[wiersmagsm@knid.nl](mailto:wiersmagsm@knid.nl)

Bank: Rabobank  
Rek.nr.: 3461.40.293

## **Yn dizze skille û.o.:**

Ferslaggen fan: Drumband UDI,  
UDI, Sjong de Heare  
De Bernejister

Reisferslach , diel 2  
Oantinkens fan Geart Cuperus, diel 2  
Hoe is it no mei....

In foto út it argyf  
25 Jier ferlyn yn de skille  
Boargerlike Stan  
Puzel  
Paadwizer

## **Fan 'e redaksje**

Tsja, der leit wer in nije Skille foar jim.

De foarige kear spriek Tineke de hoop ut dat der noch wat moai simmerwaar komme soe..... Helaas pindakaas..... der is net folle fan kaam. Mar gelokkich kin net ien fan ûs der wat oan dwaan. (wat soe dat in argewaasje jaan). Yn disse Skille gjin waarpraatsje mar wol in ferfolg op Geart Cuperus syn ferhaal. Ek reizget Bauke Postmus fierder. -->

Der stiet wer in gesellich petear yn fan Sytze mei???. Fansels de Boargerlike Stân en noch folle mear. Mar gau leze aanst.

**Jim bijdrage is altyd wolkom.** Wy sitte der sels om te springen en dan bedoele wy net allinich jim skriuwen as sa mar dan tinke wy ek oan jild. Wy hawwe ûs finansjele saken ris goed besjoen en it liket derop dat de krisis, wêr 't hast eltsenien it oer hat en lest fan hat, ek de Skille rekket.

Der sil meikoarten wol wat feroarje yn de priis as it tal Skilles per jier, want it kostet sa stadichoan mear as dat der ynkomt.

Dêrom dogge wy hjir in “**dringende oproep**” oan al de buerten en ferienings yn ûs doarp om jim(soms efterstallige)bijdragen oer te meitsjen.

Dan kinne wy fierder neitinke oer hoe 't it fierder moat en sjogge jim aanst yn novimber wer in nije Skille

**p.s.** Nije ferslaggen, ferhalen as anekdoates en âlde herinneringen binne fansels noch hieltyd wolkom yn ûs en jim Skille.

In noflik skoftsje lêzen tawinske fan

jmb

De ûndersteande buertferienings ha de oerienkommen bedragen wer betelle. Tige tank hjirfoar!

Ald Tún  
Grutte Buorfinne  
Griene wei  
Buorren 1



---

# BOARGERLIKE STAN

---



*ATZE VAN DER VEEN*  
is ferstoarn op 2 july  
yn 'e âldens fan 77 jier.  
Foeke Sjoerdsstrjitte 11

*JOEKE DORHOUT*  
is ferstoarn op 8 augustus  
yn 'e âldens fan 81 jier  
Langgrousterwei

*GEPKE JONGELING-EISENGA*  
is ferstoarn op 17 septimber  
yn 'e âldens fan 91 jier.  
De Skûle, Mitselwier

## **BERTENIJS**

*BOWIENA* famke fan Richard en Marianne Werrie  
suske fan Aleida  
berne 3 july, De Lyts Ein 22

*THEUNIS DURK* jonkje fan Wytze en Griettina Jongeling  
broerke fan Janina  
berne 26 july, Mûnawei 26A

*ELWIN* jonkje fan Menno en Petra van der Zee  
broerke fan Lianne  
berne 22 augustus, Langgrousterwei 46

*ZORA BAGYA* famke fan Rudolf en Jessica van Dellen  
berne 8 jannewaris yn Colombo  
Langgrousterwei 13

## HOULIKSSAKEN

### troud:

*MINZE DE HAAN EN ANNA HOLWERDA*

Nijbuorren 16, 22 july

*PAUL JACOB HOLWERDA EN ANTINA POST*

Foeke Sjoerdsstrjitte 7, 19 augustus

*TJEERD ELZINGA EN HINKE WIERSMA*

Langgrousterwei 32, 8 septimber

### langer troud:

*KLAAS EN CATHARINA DE BRUIN-BLOM*, Kalvermaat 6 yn Ruinen.

Sy wiene 3 july **50 jier** troud.

*ANNE EN DOETJE KINGMA-WIERSMA*, Lou Sânen 10.

Sy wiene 11 augustus **40 jier** troud.

*SIEBE EN GAATSKE JONGELING-CUPERUS*, De Lyts Ein 30

Sy wiene 27 augustus **35 jier** troud.

*JAPPIE EN ANNIE TANJA*, De Buorren 11

Sy wiene 18 septimber **30 jier** troud.

*ANDRE EN MARJAN BEEKSMA*, Nijbuorren 39

Sy wiene 19 septimber **25 jier** troud.

*RUURD EN HITTJE TORENSMA*, Langgrousterwei 27

Sy wiene 21 septimber **50 jier** troud.

## FERHUZERIJ

*JINNY DIJKSTRA-RISPENS*, Langgrousterwei 20.

Sy is ferhuze nei de Skûle yn Mitselwier, har keamernr. is 222.

*JOHAN SLAGMAN*, Grytsjewei 7, is ferhuze nei Nes. Hy wennet no op de Foarstrjitte nû. 19 mei syn freondinne *Jantine Visser*.

Anneke

Mochten jim nijs hawwe foar dizze rubryk, belje of mail my dan efkes, it is sa maklik en jo hoege de doar der net foar út (info op side 1). In briefke yn 'e brievebus mei ek fansels.



Uitnodiging 26 September 2011  
om 20.30 uur in Dorpshuis "de Terp"

**Bijzonder ledenvergadering:**

Over de toekomst van de KV de Lêste Slach  
Betreft mogelijk lidmaatschap van de KNKB

Aanwezig van de KNKB dhr. Groothoff voor toelichting en eventuele vragen.

Komt allen, uw mening is deze avond belangrijk !

Bestuur KV de Lêste Slach



# Brassband

## UDI

Foar de "simmer" fakânsje hawwe wy noch twa aktiviteiten hân (simmer stiet tusken oanhellingstekens omt it mear hjerst dan simmer wie). Earst hawwe wy op Bollingwier west te spyljen. Omt it waar it doe ek al ôfwitte liet, sieten wy yn 'e skuorre fan 'e famylje Brouwer. It wie tige gesellich. It wie ek it lêste konsert mei Daan Hoekstra as dirigint. In wike letter ha wy as ôfslúting fan it seizoen mei syn allen te bowlen west yn Dokkum. Dêr ha wy ôfskie naam fan de dirigint en ek fan syn frou Alice. Sy spile ek al in moai skoft by UDI op de alt. It is spitich dat wy har no ek misse moatte. Dêrtroch fine der ek wat ferskowings plak yn it korps.

De fakânsje is no foarby, dus UDI is al wer drok oan 't wurk. Fan 5 oant 7 septimber hiene wy ús jierlikse plantsjes-aksje. Dizze kear stien de planten by Theunis en Janny Faber yn 'e loads. Fan dêrút begûnen wy om seis oere jûns te súteln. En wat wie it in min waar, mar hawar, dat wiene wy ek al wat wend dizze simmer. As fersûpte katten kamen wy omtrint kertier foar njoggenen wer by de loads. Dan wie der lokkich kofje en thee om wat op te waarmjen. It wie in geweldige aksje, want woansdeitejûns om acht oere wie alles ferkocht. Wy wolle de famylje Faber tige betanke foar it gebrûk fan de loads.

Tiisdeitejûn 13 septimber wie ús earste repetysje mei de nije dirigint, Jaap Musschenga. Dat moat fansels wol efkes wenne: syn hannen steane sa heech net as dy fan Daan, dus moasten wy goed oplette. In nije dirigint hat ek in oare slach, mar dat sil wol wenne. It wie yn elts gefal in noflikke repetysje wêryn wy drok oan it repetearen west ha mei it stik foar it NBK, it Nederlânsk Brassband Kampioenskip. It is it doel om dêr in pracht útfoering te jaan fan dit wurk. Dêrom ha wy op sneon 15 oktober o.s. in stúdzjedei om it stik noch better ûnder de knibbel te krijen. Om efkes op de ferskowings werom te kommen. Sanne Faber spilet no solo-alt, Klarinda Kuiper is ek in plakje opskowd nei de 1e alt. Rinskje Braaksma spilet no 2e Euphonium (sy hie earst in bariton, dy is

krekt wat lytser). Fierder ha wy oan it stimmen west foar in nije foarsitter. Eppie Buwalda hie oanjûn dat hy graach syn wurk dellizze woe (om persoanlike redenen). Wa 't de nije foarsitter wurde sil, kin ik jim pas yn 'e folgjende Skille witte litte.

Op 6, 7, 8 en 9 oktober is der in Expo yn Dokkum op it Hurddraverspark. Dêr sil UDI ek mei in standsje stean. Wy sille dêr lotsjes ferkeapje wêr 't jo moaie prizen mei winne kin. De 9e binne wy net yn 'e stand, dit is op in snein.

Wat stiet der noch mear op ús aginda? Allerearst it begelieden fan de tsjerketsjinst yn Mitselwier op snein 6 novimber mei nei ôfrin fan de tsjinst in lyts kofjekonsert. Fierder ha wy yn novimber in soad ekstra repetysjes foar it NBK. Dit fynt plak op freed 2 desimber o.s. Fan tefoaren ha wy ek noch in saneamde Try-Out op freed 25 novimber yn de grifformearde tsjerke fan Oentsjerk.

En dan binne wy al wer yn desimber. Sa as elts jier kinne jo rûn de Krystdagen in soad fan UDI hearre, mar dat is no noch sa'n ein foarút. Dêroer yn de folgjende Skille mear.

MF

---

## 55+ Groep "Oars Aktyf"

Zoals gebruikelijk wil onze groep ook voor dit winterseizoen weer een 7-tal middagen organiseren voor alle 55+ers uit Oosternijkerk. We komen op de donderdagmiddag om 14.30 uur bijeen.

Het programma voor het komende seizoen is als volgt:

13 Oktober 2011	Spelmiddag
10 November 2011	Spelmiddag en na de pauze Bingo
08 December 2011	Spelmiddag
12 Januari 2012	Spelmiddag en na de pauze Bingo
16 Februari 2012	Spelmiddag
15 Maart 2012	Spelmiddag en na de pauze Bingo
12 April 2012	Spelmiddag

Tot ziens. AB, PvdB

Sjongferiening

*Sjang de Keare!*

Na de zomervakantie zijn we op 6 september weer gestart met onze repetities.

We hebben het afgelopen seizoen weer enkele optredens gehad.

\* Op 20 Maart naar de Sionsberg waar we een half uur hebben gezongen. Twee van onze bassen lazen elk een verhaal voor, wat erg in de smaak viel.

\* 10 April naar het lichtpunt, onze diaconie was ook aanwezig. We hebben een uur gezongen met samenzang. Bote Holwerda & Theresa Groenwold deden een bijdrage met orgel en hobo wat erg werd gewaardeerd.

\* 24 April Zondag morgen in paasdiens hebben we onze medewerking verleend met koor en samenzang.

26 April hadden we onze jaarvergadering. We waren om 18.30 aanwezig en na een drankje had Abe Visser een chinees buffet geregeld. Dit was voor eigen rekening en het smaakte heerlijk.

Deze vergadering had ook nog een feestelijk tintje. G Cuperus was 25 jaar koorlid en via de Friese



Bond kreeg hij een stropdas aan geboden door de voorzitter Th Faber sr. Deze noemde hem een zeer trouw koorlid. Daarna brachten Klaske & Pietsje nog een humoristische act naar voren. Om 22.30 wenste de voorzitter ons wel thuis.


Dit was even een kort verslag van de activiteiten van ons koor. Nieuwe koor leden zijn nog altijd van harte welkom en kom eens gerust een avond mee zingen

avdw



# Drumband UDI

---



Hjir efkes nei in wat langere tiid in roffelstsje fan 'e drumband. Wy ha de lêste tiid in soad belibbe dus wy tochten dat moat we jim ek efkes witte litte.

Al in skoft binne wy eltse tongersdeimiddei op 'e Foeke Sjoerds skoalle te finen. Hjir dogge wy mei oan 'e expressiemiddei. Trije wiken efter mekoar wurkje wy dan mei in groepke fan 8 bern. Yn die trije wike leare de bern de begjinsels fan muzyk / ritme. Se leare om mei mekoar te spyljen mar se leare ek om in duet te spyljen, dat hâld yn dat it iene groepke in oar ritme spilet as it oare en sa krij je dan al gauw in echt muzykstikje. Wy fine it geweldich om te dwaan, it is aardich om te sjen dat elts bern der wol wat fan opsteekt want ja net alle bern krije muzykles. Mei in oantal bern ha we ek in stikje hearre litten tidens it iepen doarp. Want ek der ha wy oan mei dien.

Wy hienen oan de organisaasje fan it iepen doarp oanjûn dat we graach meidwaan woene. En sa bellen se ús op om te freegjen as we ek helpe woene tidens de iepening. De muzykferiening soe net mei rinne en wy wienen die dei mar mei 6 persoanen en dat like ús wat skiterich, derom ha wy de bern fan 'e gymnastyk frege om foar ús te rinnen dan ha je fuort in moaie grutte ploech op 'e dyk. Dat woene sy wol dus dat wie prachtich. Saakje de Boer soarge foar pomponnen en se hiene allegear in read shirt oan dus it wie in moai gehiel. Wat ús betreft kin dit seker wolris wer. Allinich krigen we te hearren dat we ek dizze kear wer te hurd stapten. Dit kear net om't de drumband de sokken der yn hie mar om't de bern der as in spear fan troch giene. Moai net?

Nei de iepening ha wy twa kear in oere in optredentsje jûn yn skoalle mei in stik as wat bern die't wy tidens de expressie op skoalle hân hiene. Mei 6 fammen ha we in stikje op 'e lyra spile, in hiele prestaasje want ja hiene mar trije kear oefene. En mei alle bern ha we nog twa stikken trommele, allegear op in trommel dus dat joech fansels hiel wat lûd, mar it wie dan ek super. We ha it geweldich nei it sin hân.



Tidens al dit wiene wy as drumband sels ek nog dwaande mei hiel wat oars. Ein 2010 binne wy frege troch André Beeksma, regisseur fan it iepenloftspul yn Brantgum oft wy ek mei dwaan woene oan it iepenloftspul. Se hiene yn it stik in drumband nedich om't der in steltsje safolle jier trouw wie en we koenen helpe by nog 2 oare muzykstikken. Dit like ùs wol wat ta, in hiele nije ùtdaging want sa iets hiene wy as drumband nog nea earder dien. Al dwaande kamen we der wol efter dat der behoarlik wurk yn siet. Mar dat ha we der graach foar oer hân. Se hiene twa muzykstikken útsocht dy't wy tidens it stik spylje moasten, mar die stiene net op papier. Se hiene allinich in lûdsfragmint fan You

tube. Dus op You tube it ferske ôfspylje en sels de noaten foar lyra en trommel op papier sette, want ja eltsenien mat wol it selde spylje.



No en dat is us meinoar tige goed slagge. Dat je dat lukt mei syn allen

is in hiele opstekker. Yn april bin we begûn te oefenjen mei noch wat oare muzykanten en begjin maaie bin der opnames fan makke. Dernei binne we by de repetysjes fan de tonielspilars kaam. Der moast oefene wurde yn de kas yn Brantgum en der wurden klean foar ûs makke. En in pear fan ûs hiene noch in lyts figurante roltsje yn it stik. Doe ein juni wie it safier, spylje op it grutte dekor yn Brantgum.

It wie in hiele hichte en foaral de froulju hiene it der earst net sa op stean, we moasten faak hiel hurd de trep op en ôf mei de instrumenten foar it liif, mar ek dat went. De útfieringen giene geweldich en we ha in hiel soad positieve reaksjes heard, dat docht je goed. Wy koene sa goed sjen en foaral hearre litte dat je nettsjinsteande in lyts ploechje dochts hiel leuk spylje kin. En wat ha we in wille mei mekoar hân.



Dêrnei, noch wat wurch fan Brantgum ha we ek noch mei dien oan de âlderjun fan skoalle. Mei 16 bern ha we in duet trommele en nog in lyts stikje fan'e Stick Jokes spile (dit is een mars weryn je wat grapkes mei de stokken uthelje). En 5 fammen ha mei us in hiel nij muzykstik spile de "la Cucaracha", dit stik wie foar ûs allegear nij want die hiene wy as drumband ek nog net spile en de fammen hiene it 2 kear oefene dus in hiele prestaasje om dat dan efkes foar publyk te spyljen. It wie beslist net sûnder ferkearde noaten mar der gie it ek net om, wy woenen graach sjen litte wat we mei de bern op skoalle dogge en hoefolle wille dat je mei mekoar ha kinne by it muzyk meitsjen. It kommende jier geane wy hjir ek seker mei troch op skoalle.


Al mei al ha wy sa at jim leze kinne in drok jier hawn. Want ek ùs gewoane optredens ha we dien. Keninginnedei ha we spile, mar ek op 5 mei befrijingsdei ha we in lytse mini-optocht dien allinich as drumband want oars fine wy it wol wat keal op befrijingsdei. De riners fan de avond 4-daagse ha we ynhelle en no ha we efkes in skoft fakânsje hân, sadat we aanst wer mei folle moed fjirder kinne.

No oant safier earst mar, it is in hiel ferhaal wurden. Oan't in oare kear.

Groetnis Drumband UDI

## Nieuws uit Dorpshuis De Terp

---



In tijden van economische teruggang valt het ook voor ons dorps huis niet mee om het hoofd boven water te houden. Al enige jaren worden de inkomsten lager en de kosten hoger waardoor het niet meer mogelijk is jaarlijks een positief resultaat te halen. Het bestuur probeert met allerlei activiteiten de inkomsten te laten stijgen. De activiteiten voor komend najaar zijn:

Op 15 oktober een feest met medewerking van een top-40 orkest.

Op 25 november de jaarlijkse playbackshow.

Op 10 december de kerstmarkt.

En daartussen door het sjoelen en een spelavond.

Naast deze activiteiten zijn wij genoodzaakt een beroep te doen op onze dorpsgenoten voor een jaarlijkse donatie. Hiervoor zullen wij u in oktober huis aan huis bezoeken met het verzoek uw jaarlijkse donatie aan te passen of donateur te worden. Wij hopen en verwachten dat op deze wijze ons dorps huis nog jarenlang het middelpunt van het dorp kan blijven.

Het bestuur en beheerder van de Terp.



Peuterspeelzaal  
**De Beekjister**

Hallo lezers,

Na alle vrije dagen, Hemelvaart en het lange Pinksterweekend duurde het niet zolang meer en toen gingen de peuters op schoolreisje. Dit jaar op dinsdag 28 juni. Om 8:45 vertrok de lange stoet met auto's naar de kinderboerderij in Dokkum. Dit was voor sommige peuters al best spannend. Aangekomen bij de kinderboerderij gingen de peuters direct spelen met van alles en nog wat. De draaimolens waren erg favoriet. En het luchtkussen en de glijbaan natuurlijk. Het was heel erg warm. Zo nu en dan werden rode gezichtjes weer even ingesmeerd met zonnebrand. We gingen ook met zijn allen bij de dieren kijken. Er waren o.a. kippen, hamsters, muizen, vlinders, katten, ezels en pony's en een paar dikke varkens. En een mooie pauze die al zijn veren liet zien. Ook kon er een



konijntje door de peuters geaaid worden. Eva was bijna niet bij de geitjes vandaan te halen, ze vond ze zóó lief. Ze wilde wel bij de geitjes onder het hok in de schaduw gaan liggen. Na het bezoekje aan de dieren was het tijd voor wat drinken en een zakje chips, lekker in de

schaduw. Alhoewel sommige wel wat moeite hadden om te blijven zitten totdat iedereen zijn chips op had. Er was ook zoveel te doen!! De peuters mochten hierna nog even spelen. Een aantal jongens gingen nog even in de houten auto, zij wilden naar Ameland rijden!! En toen was het alweer tijd om naar school te gaan waar de ouders de peuters al stonden op te wachten. Een enkeling viel tijdens de rit naar school in slaap, het was ook wel erg heet! Maar het was een mooie geslaagde ochtend!!



Na het schoolreisje hoefden de peuters nog maar 3 weekjes naar school. Tijdens die weken werden er nog leuke werkjes gemaakt over het thema water. Ook de schoolkrant die in 1 van de laatste weken voor de vakantie werd uitgedeeld ging over het thema water. In de schoolkrant staat onder andere een verslag van de jongste en van de oudste peuters. De oudste peuters hebben ook een tekening gemaakt. Verder staan er leuke verhaaltjes, gedichtjes en kleurplaten in.



Ook dit seizoen willen we weer met elkaar gezellig klaverjassen samen met de Nessemers. In oosternijkerk beginnen we 's avonds 8 uur in de Terp. De data voor dit seizoen zijn:

Oosternijkerk 20.00 uur

6 okt

4 nov

2 dec

6 jan

Nes 19.30 uur

14 okt

11 nov

9 dec

13 jan

de maatklaverjas avond is op 28 december om kwart voor acht  
Graag tot ziens op 6 oktober a.s.

jan bergmans

pier braaksma

peet kuiper

## Buurten volleybaltoernooi 2011.

---



Dit jaar was het weer het jaar van de buurten volleybaltoernooi die werd gehouden op woensdag 22 juni en vrijdag 24 juni j.l. 16 teams gaven zich op voor dit evenement, een aantal minder dan de vorige keer, maar het weer van woensdagavond zal daar zeker een rol in gespeeld hebben. Dat mocht de pret zeker niet drukken en in 4 poules probeerden de teams soms tijdens korte maar hevige hoosbuien de tegenstander te verslaan om zo vrijdag met de felbegeerde wisselbeker naar huis te kunnen gaan. Ook het publiek trotseerde het grillige weertype en soms met een kleurpalet aan paraplu's langs de zijlijn moedigden zij hun buurt vol enthousiasme aan. En om weer wat warm te worden, of juist niet, kon men bij de "keet" van de kaatsvereniging weer terecht voor een lekker bakje koffie of een ander drankje (of hapje).

Onder veel betere weersomstandigheden werd er vrijdagavond verder gespeeld en kwamen in de halve finale van de verliezersronde de Lyts Ein 2 en Bollingawier als besten uit de bus. De spannende finale die daarop tussen die twee volgde werd met een 2 punten voorsprong in het voordeel van de Lyts Ein beslist.

De Buorren I-1 en de Mounewei waren de twee teams die uit de halve finale van de winnaarsronde kwamen en dat betekende dat deze 2 sterke teams uiteindelijk tegen over elkaar kwamen te staan in de grote finale. Al gauw bleek de Buorren I-1 over een talentvol team te beschikken en ook al probeerde de Mounewei de achterstand in te halen, het werd uiteindelijk de Buorren I-1 die met 25 tegen 16 punten won en met de wisselbeker naar huis kon gaan !

Na de uitreiking hiervan werden de scheidsrechters, de kaatsvereniging en andere medewerkers bedankt voor hun bijdrage en kon een ieder nog onder het genot van een drankje napraten over een zeer geslaagd toernooi.

## Uitslag:

Verliezersronde; 1<sup>e</sup> Lyts Ein, 2<sup>e</sup> Bollingawier.

Winnaarsronde; 1<sup>e</sup> de Buorren I-1, 2<sup>e</sup> Mounewei.

Janneke Themmen  
Dorpsbelang

## **Jeu de boules wedstrijd zaterdag 2 juli j.l.**

---

Leek het er 's ochtends om 10 uur eerst bijna op dat er zich geen jeugdige deelnemers zouden aanmelden voor de jeu de boules wedstrijd aan de Doktersfiif, al gauw bleek dat gelukkig niet het geval te zijn en gaven uiteindelijk 13 kinderen (groep 3 t/m groep 8 van de basisschool) zich op voor dit sportieve evenement.



De deelnemers werden in 3 groepen verdeeld en onder de zakenkundige leiding van Siebe Jongeling en onder toezicht van het enthousiaste publiek werd er door de kinderen serieus, maar sportief gestreden om in de prijzen te vallen. ( Een kadobon te besteden bij Piet de Boer). In elke groep vielen er twee prijzen te behalen, maar de deelnemers van de jongste groep hadden het geluk dat zij alle drie over evenveel kwaliteiten beschikten en kregen daardoor elk een 1<sup>e</sup> prijs.

### De uitslag van deze ochtend was als volgt;

Groep I ; 1<sup>e</sup> prijs; Hendrik Roelof Berendsen, Jelmer Torensma en Jacob Seepma.

Groep II ; 1<sup>e</sup> prijs; Rutger Torensma, 2<sup>e</sup> prijs; Hylke Breteler.

Groep III; 1<sup>e</sup> prijs; Wilco Holwerda, 2<sup>e</sup> prijs; Julliette Postmus.

's Middags om 14.30 uur was het de beurt voor de volwassenen en hierbij viel de deelname ook wat tegen met maar 13 personen ( incl. Dieta en Siebe). En om een man/vrouw competitie te spelen was er ook één manlijk persoon te weinig, maar dit werd opgelost door Wilco Holwerda erbij te halen, die zijn kwaliteiten's ochtends al had bewezen !



De uitslag van deze lange, maar gezellige middag was:

- 1<sup>e</sup> prijs; Ruurd Torensma en Djoke Holwerda.  
2<sup>e</sup> prijs; Wilco Holwerda en Dieta Holwerda.  
3<sup>e</sup> prijs; Benno Holwerda en Pietje Douma.

De prijswinnaars konden een halve kip afhalen bij de dorpsbarbecue en deze werden met zeer veel smaak genuttigd. Al met al een geslaagde dag en hierbij willen wij Siebe Jongeling nog hartelijk dank zeggen voor het organiseren van deze jeu de boules wedstrijd.

Janneke Themmen  
Dorpsbelang

**Problemen met de computer of een website laten maken?**

Ik ben Pier Braaksma en studeer scheikunde aan de Rijksuniversiteit te Groningen. In mijn vrije tijd ben ik graag met computers en websites bezig. Wanneer mensen om mij heen problemen hadden met een computer, was ik meestal degene die erbij geroepen werd. Dit zijn meestal problemen die ze zelf niet op kunnen lossen, maar waarvoor je eigenlijk ook niet bij een professionele computerzaak aan wilt kloppen. Inmiddels heb ik bij diverse mensen computerproblemen opgelost en heb ik ook een aantal websites gerealiseerd.

Heeft u problemen met uw computer of het apparaat dat daar omheen staat? Wilt u een eigen site of een site voor uw bedrijf/instelling laten maken? Neem vrijblijvend contact met me op en ik zal zien wat ik voor u kan doen.

Voor meer informatie kunt u terecht op [www.webdesignenpcs.nl](http://www.webdesignenpcs.nl), of mail naar [info@webdesignenpcs.nl](mailto:info@webdesignenpcs.nl). Wanneer u geen internet ter beschikking hebt, kunt u 's avonds of in het weekend bellen naar: 06-42122014.

Pier Braaksma  
Nijbuorren 37  
Oosternijkerk

## Hoe is it no mei .....

---

Foar dizze rubryk binne we nei Wommels west nei Gerlof en Geeske Ykema. Se wiene njoggen jier behearders fan ús doarpshûs de Terp; no dy hienen in soad te fertellen. Ik hie de hiele skille der wol mei folje kinnen mar dat is de bedoeling net fansels.



Gerlof en Geeske binne 39 jier trout en ha trije bern en tsien pake- en beppesizzers en ek al twa bernsbernsbern, dat it is al in grutte famylje. Gelf omskriuwt himself as in fleurich man, dat sa'n pake kin je wol ha. Pauline hat in kapsalon yn Wâldsein, Sonja hat har wurk yn Frenstjer en René hat it eethuis, de Koffiebranderij yn Dokkum.

Nei Nijtsjerk binne se nei Âldegea (Wymbritseradiel) ferhúze. Dêr kaam in nij multi-funksjoneel sintrum en dêr ha se trije jier beheader fan west. Már se woenen graach in eigen saak. Yn 1987 kaam yn Seisbjirrum in âld kafee te keap en dy kans koene se net glippe litte. It kafee, de Harmonie, waard letter hielendal ferbout as hotel (16 keamers),

restaurant mei kafee fansels. It wie dêr altyd smoardrok en dat foldie hun bêst. Allegear wurknimmers fan Holland Crop, de túnboukassen, de sâlt-winning en Petroland, it brocht in soad klanten.

Op de fraach oan it leukste oantinken fan Nijtsjerk tinke se fuort oan it kaarten. (klaverjassen, skutjassen). Se binne yn it lyts begûn mar algau wiene der letter wol 120 kaartens. Dat wie altyd hiel gesellich en der waard goed iten en dronken.

Ek wiene der yn dy tiid in protte trouwerijen, ek út de omringjende doarpen. Noch in geweldich oantinken wie it keatsen, de priisútrikkingen wiene altyd beare gesellich. Ien kear yn it jier wie der op Bollingwier oer de feart bij de fam. Terpstra ek sekslaan. Dit wie altyd in hiel gebeuren, it heale doarp rûn leech, en ek dêr waard de katering fersoarge, moaie herinneringen.

Alle ferieningen koene der teplak. De drumband ha se ek goeie ûnderfiningen mei hân, sa kin we noch wol troch gean. Ek bij it sportfjild waard in hokje delset mei fersnapering. It ûndernimmen siet der goed yn.

Op de fraach oft se ek werom wolle: Se soenen hjir wol aardsje kinne se fielden har hjir ek tige wolkom yn Nijtsjerk. Se hienen it ek net misse wollen mar se ha it no goed nei't sin yn Wommels en dan moatst net ferhúzje as it net hoecht.

De fraach `Wêr kinst dy lilke om meitsje` waard ienriedich beantwurde: We kinne der net oer as we net earlik behandlede wurde. Gelf seit fan himsels dat hy wol tolerant is mar ek wol fel.

De lêste fraach oer wat er noch kwyt wol.

Gelf is noch bij de keatsbûn belutsen (it blêd WIS IN). Wês súnich op jim keatsferieniging, de Lêste slach. Wa wit komt Nijtsjerk wer ris by de keatsbûn. Dan kin Nijtsjerk moai wer meidwaan oan de Freule partij yn Wommels. Dat soe geweldich wêze fansels.

Willem en ik kamen der sêd wei, dat ha je mei horekaminsken fansels en we ha in noflikke jûn hawn.

Sytze

## OANTINKENS OAN DE GRIENEWEI 9 (\*)

Us húshâlding fan njoggen minsken waard om 1954 hinne einliks wat te grut foar dat âlde húske oan De Lyts Ein en dêrom waard der omsjoen nei wat oars. No wiene der oan de griene reed begjin 50'er jierren acht nije wenten boud en dêr kaam ien fan frij, it earste hûs út de buorren wei rekkene. Dêr hiene Ambonezen (1) yn wenne, Van Bijsterveld hieten se. Mem seach der earst wol wat tsjin oan om dêr hinne want der moast in dikke hier betelle wurde, mar dochs moast it mar oangean.



*Grienewei 9 hjoed-de-dei*

(1. Nei de opstân fan de Yndonesiërs tsjin Nederlân yn 1945 en harren ûnôfhinklikheid yn 1949 kamen der in protte Ambonezen nei ús lân. De measten hiene yn it KNIL (opheven yn 1950) fochten en woene net as frijwilliger yn it nije Yndonesyske leger tsjinje. Se moasten yn ús lân plak ha, mar der wie doe rûnom wenningneed. In protte kamen yn kampen telâne, lykas yn Gaasterlân, guon kamen yn Nijtsjerk te wenjen wêr't doe krekt 8 huzen oan de griene reed boud wiene. De earste fjouwer huzen waarden yn it earstoan bewenne troch Ambonezen).

Heit en men slaggen oan it opknappen en wy moasten al dat nije besjen en besjen litte oan ús boarters fan De Lyts Ein. Dêr wie in famke by fan Taekele Soepboer, Aukje wie har namme at it my net mist, en dy moast nei de WC. Dat wie wol wat oars as de tonne dy't sy wend wie. Aukje luts fansels ek oan it toutsje en dêr raasde it wetter troch de pot. Soks hie se noch nea belibbe: se skrok sa dat se fuortendaliks útnaaide!



*Grienewei yn de sechtiger/santiger jierren, noch gjin bungalows*

Wy hiene boppe trije sliepkeamers en in fliering, sa hiene wy in protte rûmte mei ús njoggenen. Der wie ek in tún by dêr't ús mem sa'n aardichheid oan hie, se ferboude koal, ierdbeien, beantsjes, ensfh. Efter de keamer wie it hok, dêr hat neef Nutte Dijkstra (soan fan Reitse Dijkstra) in koalehok yn timmere foar de branje foar de winter. Mem hie der in line foar de wask en har wasktobben stiene der ek. Ik hie der in kastke dêr't bygelyks boekjes fan Kapitein Rob yn leine.

Dy boekjes krige ik fan de buorlju yn it twadde hûs. Dat wie de Amboneeske famylje Andoetoe, in mem mei in oantal jonges en ien famke. Dat famke hiet Lenie en twa jonges hieten Otto en Monie, de oare nammen wit ik net mear. Wy koene hiel goed mei harren opsjitte. Frou Andoetoe makke wolris iten foar ús, mar dat iten wiene wy net wend, wy fûnen dat fierstente skerp.

De famylje Andoetoe ferhuze nei Zaandam en doe kamen Marten Eatses de Jong en syn frou Riemke dêr te wenjen. De twa dochters wiene Annie en Sjoukje en de soan hiet fan Eatse. Marten hie in auto, in Austin, in swartenien. Hy moast foar syn wurk grûn-meunsters nimme fan boulân en dêr brûkte hy dy auto foar. Ik ha wol mei him west as er soks die. Hy stiek in soart buiske de grûn yn en de ynhâld kaam yn in pûdsje mei dêr op de namme en it plak wêr't dat meunster naam wie. Marten Eatses hie in prachtich hânskrift. Ik ha wol sjoen dat er brieven en slúfkes skreau, betiden hiele steapels. Foar wa't dy wiene? Gjin idee. Hy hat ek in bibliteek yn syn hok hân. In protte fan dy boeken ha ik noch mei him ophelle ús Ljussens wei. Letter is it gesin ferhuze nei Rijnsburg om't er dêr konsjerzje wurde koe.

De famylje Klijnstra waard de folgjende bewenner fan it twadde hûs: Pieter en syn soannen Jan en Tsjipke. Jan wurke by it molkfabryk yn Moarre-Ljussens en Tsjipke by Philips yn Drachten. Hja hiene al betiid televyzje, dat dêr ha'k jûns wol gauris sitten. Sneontemoarns wie Klijnstra al betiid oan it sopsieren en hy hat my gauris roppen om in pantsje sop mei te iten.



*De Famylje Cuperus: Boppe flnrj. Nutte, mem Neeltsje, heit Rense, Durk (dizze beide jonges wiene doe yn tsjinst, sjoch de unifoarms)  
Midden: de twilling Tryntsje en Louwina Foar: Martsje, Geart en Gryt*

Yn it tredde hûs fan de rige wenne frou Pool mei har trije bern, ek Ambonezen. De soannen hieten fan Lothart en Ronny, de dochter hiet Rita. De jonges hiene in luchtbuks en dêr skeaten se mei yn it sachtboard fan har sliepkeammerke. Dizze famylje is ferhuze nei Ljouwert en doe kaam Jabik Ypes Heeringa dêr te wenjen. Se ha dêr mar in pear jier wenne en doe giene dy nei de Ald Dyk efter Ljussens.

De folgjende bewenners wiene Willem en Hinke Postma en dy wenje der no noch. Dêr ha ik in protte omslein want dêr wie altiten wol wat te belibjen mei auto's. Ik ha Willem gauris holpen en wy ha wit hoe faak in motor út sa'n VW helle. Op't lêst gie dat hiel fluch en ik tink dat ik it no noch wol kin.

Ik hie der altiten in aardichheid oan hoe sunich as Willem mei syn ark om gie. Alles kaam wer moai yn de kiste as wy ophâlden, it waard skjinmakke en der mocht neat misse!

Men soe sizze kinne dat Willem altiten ûnder in auto lei. Dat is 'm ris in kear ûntkaam. Us mem stie efter hûs by de waskline doe 't se ynienen in gjalp om help hearde. Sy derhinne en dêr lei Willem hielendal klem ûnder in auto: fan de krik sketten. Mem koe him net helpe dat se rûn nei de wei ta om help te sykjen en dêr kaam krekt bakker Hedzer Wiersma oan. Dy hat se oanhâlden en dêrnei ha se tegearre Willem ûnder de auto weihelle. Willem sei neitiid: "Doe 't ik Neel (ús mem) seach, tochte ik dêr is in ingel", dat hy sil it wol benaud hân ha.

It fjirde hûs waard bewenne troch de famylje Van Pegelen. Hja binne letter ferhuze nei Dokkum, ien fan de soannen wennet dêr noch. Syn pakesizzer is Dewi, dat famke dat meidie oan Idols.

Wybe de Vries wenne mei syn frou Beth en de bern yn it fiifde hûs. Wybe die wat yn fersekeringen en hy hie noch wat boulân. Beth koe min gean en dêrom hie se in auto dy't troch Willem Postma ûnderhâlden waard. As de auto in beurt ha moast, sei er: "Dêr komt de Beth-Car ek wer oan!"

Yn it seisde hûs wennen Kees en Fogeltje Seepma mei de beide dochters Froukje en Sietske. Kees wie in hiele grutte keardel en Fogeltsje sa'n lyts wyfke.

Boate Nieuwland en syn frou Sibbeltsje wennen mei soan Sjoerd yn it sânde hûs. Boate wurke by Jabik Meinsma. Dy hie in leanbedriuw oan De Terp dêr't letter Frans Postmus siet. Boate die benammen it slatten fan sleatten en sa.

Hûs nûmer acht wennen Jetse en Willemke Wiersma yn mei harren 11 bern. Twa fan de jonges wiene myn grutste freonen, Meint en Johannes. Hja binne ferhuze nei de Noardeast Polder, nei Bant.

Jetse waard dêr arbeider by in boer. Meint is ferûngelokke doe't er ûnder in trekker telâne kaam.

